

PARSEBERJOCHT

20 april 2017

Underdûkt yn Fryslân

Rom omtinken foar ûnderdûken yn de Twadde Wrâldoarloch

Yn de Twadde Wrâldoarloch fûnen tûzenen ûnderdûkers in feilich hinnekommen by Fryske famyljes: Joaden, alliearde piloaten, fersetsminsken en manlju dy't wegeren om te wurkjen yn de Dútske oarlochsindustry. Fryslân DOK rekonstruearret yn in trijelûk de ûnderdûkhjelp oan dy minsken. Mei ek in bysûndere ûntdekking. Want fûn ûnderdûk altyd wol yn it djipste geheim plak?

Der bestiet al jierren in byld dat ûnderdûk altyd yn it grutste geheim plakfûn. Ut dizze dokumintêre docht bliken dat, dat hielendal net it gefal wie. Benammen yn de Fryske doarpen wist it hiele doarp wol wêr't de ûnderdûkers sieten. In soad minsken droegen harren stientsje by en dus ûntstie der in grutskalige ylligale ûnderdûkmaatskippij.

De earste útstjoering fan it trijelûk fertelt it ferhaal fan de smokkelrûtes fan Joadske bern fan Amsterdam nei Fryslân. Ien fan dy bern wie de no 79-jierrige Lea Tropp. Sy kaam as 4-jierrich famke by in bakkersfamylje yn Abbegea telâne. Mei har ûnderdûksusters Klaske en Annie fertelt sy oer dy tiid. Utstjoering twa giet oer de unike posysje dy't de Fryske belestingtsjinst ynnaam by de finansiering fan it ûnderdûken. Under lieding fan haadbelestingynspekteur Jan Evenhuis fan Ljouwert slúze it personiel fan Fryske belestingkantoaren miljoenen troch nei it ferset foar de help oan ûnderdûkers. Yn útstjoering trije steane de knokploegen sintraal. Yn de Twadde Wrâldoarloch oerfoelen knokploegen distribúsjekantoaren, gemeentehuzen en suvelfabriken. De bût joegen sy oan ûnderdûkers.

Ek it radioprogramma Buro de Vries jout omtinken oan de Fryske ûnderdûk. Op snein 23 april is in dokumintêre te hearren mei Salo Muller út Amsterdam. Salo Muller is bekend wurden as fersoarger fan it 'gouden' Ajax. Folle minder bekend is syn oarlochsferline yn Fryslân. As lyts jonkje siet er ûnderdûkt yn Oerterp en Fryske Peallen. Hy hat it oerlibbe, mar hat der ferlittingseangst en alderhande kwalen oan oerholden. Op snein 30 april giet it yn Buro de Vries oer ûnderdûkers yn Hylpen. Willem Glashouwer wie dêr de man dy't foar Joadske ûnderdûkers in plakje socht. Syn soan, Harmen, rekonstruearret oan de hân fan de ferhalen fan syn heit de skiednis. Buro de Vries is alle sneinen fan 11.00 oant 13.00 oere te hearren by Omrop Fryslân.

Underdûkt yn Fryslân:

Diel 1: snein 30 april fan 17.00 oere ôf alle oeren by Omrop Fryslân. Op NPO 2 op sneon 29 april om 15.30 oere en snein 30 april om 13.00 oere.

Diel 2: snein 7 maaie fan 17.00 oere ôf alle oeren by Omrop Fryslân. Op NPO 2 op sneon 6 maaie om 15.30 oere en snein 7 maaie om 13.00 oere.

Diel 3: snein 14 maaie fan 17.00 oere ôf alle oeren by Omrop Fryslân. Op NPO 2 op sneon 13 maaie om 15.30 oere en snein 14 maaie om 13.00 oere.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.

PERSBERICHT

20 april 2017

Underdûkt yn Fryslân

Ruim aandacht voor onderduiken in de Tweede Wereldoorlog

Tijdens de Tweede Wereldoorlog vonden duizenden onderduikers een veilig heenkomen bij Friese families: Joden, geallieerde piloten, verzetsmensen en mannen die weigerden te werken in de Duitse oorlogsindustrie. Fryslân DOK reconstrueert in een drieluik de onderduikhulp aan die mensen. Met ook een bijzondere ontdekking. Want vond onderduiken altijd wel in het diepste geheim plaats?

Er bestaat al jaren een beeld dat onderduiken altijd in het diepste geheim plaatsvond. Uit deze documentaire blijkt dat, dat helemaal niet het geval was. Vooral in de Friese dorpen wist het hele dorp wel waar de onderduikers zaten. Veel mensen droegen hun steentje bij en dus ontstond er een grootschalige onderduikmaatschappij.

De eerste uitzending van het drieluik vertelt het verhaal van de smokkelroutes van Joodse kinderen van Amsterdam naar Fryslân. Een van die kinderen was de nu 79-jarige Lea Tropp. Zij kwam als 4-jarig meisje bij een bakkersfamilie in Abbega terecht. Met haar onderduikzussen Klaske en Annie vertelt zij over die tijd. Uitzending twee gaat over de unieke positie die de Friese belastingdienst innam bij de financiering van het onderduiken. Onder leiding van hoofd-belastinginspecteur Jan Evenhuis uit Leeuwarden sluisde het personeel van Friese belastingkantoren miljoenen door naar het verzet voor hulp aan onderduikers. In uitzending drie staan knokploegen centraal. In de Tweede Wereldoorlog overvielen knokploegen distributiekantoren, gemeentehuizen en zuivelfabrieken. De buit gaven ze aan onderduikers.

Ook het radioprogramma Buro de Vries heeft aandacht voor de Friese onderduik. Op zondag 23 april is een documentaire te horen met Salo Muller uit Amsterdam. Salo Muller is bekend geworden als verzorger van het 'gouden' Ajax. Veel minder bekend is zijn oorlogsverleden in Fryslân. Als klein jongetje zat hij ondergedoken in Ureterp en Frieschepalen. Hij heeft het overleefd, maar heeft er verlatingsangst en allerlei kwalen aan overgehouden. Op zondag 30 april gaat het in Buro de Vries over onderduikers in Hindeloopen. Willem Glashouwer was daar de man die voor Joodse onderduikers een plekje zocht. Zijn zoon, Harmen, reconstrueert aan de hand van de verhalen van zijn vader de geschiedenis. Buro de Vries is iedere zondag van 11.00 tot 13.00 uur te horen bij Omrop Fryslân.

Underdûkt yn Fryslân (Ondergedoken in Fryslân):

Deel 1: zondag 30 april vanaf 17.00 uur ieder uur bij Omrop Fryslân. Op NPO 2 op zaterdag 29 april om 15.30 uur en zondag 30 april om 13.00 uur.

Deel 2: zondag 7 mei vanaf 17.00 uur ieder uur bij Omrop Fryslân. Op NPO 2 op zaterdag 6 mei om 15.30 uur en zondag 7 mei om 13.00 uur.

Deel 3: zondag 14 mei vanaf 17.00 uur ieder uur bij Omrop Fryslân. Op NPO 2 op zaterdag 13 mei om 15.30 uur en zondag 14 mei om 13.00 uur.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.